

Nijs fan it Frysk Boun om Utens.

Friezen yn 'e Frjemdte.

Op 30 septimber 2011 freedtemiddei fan 14.30 oant 17.00 oere wurde de earste eksimplaren fan it boek "Friezen yn 'e Frjemdte" oanbean oan deputearre Janne-wietske de Vries en Rients Gratema yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar, Bûterhoeke 1 yn Ljouwert.

Dat boek, besoarge troch It Frysk Boun om Utens, wurdt útjûn by útjouwerij "Elikser" yn Ljouwert.

Yn it programma fierder ûnder oaren: In muzikaal optreden fan Grytsje Kingma en Rob du Jardin en yn gearwurking mei it Frysk Filmargyf de presentaasje fan de DVD mei dêrop filmkes fan in Friezedei yn de tritiger jierren - in fideofilm fan in oare Friezedei en in fideopresentaasje fan foto's, makke by aktiviteiten fan it Boun. Fierder wat lûdmateriaal út de fyftiger jierren.

Dygingen dy't harren al earder ynskreaan hawwe op it boek kinne it dan op fertoan fan "it sertifikaat" meikrije. Yn it oare gefal wurdt it thús besoarge.

In gesellich wykein op 'e Folkshegeskoalle Skylgeralân fan freed 14 oktober oant snein 16 oktober 2011.

Programma:

Freed 15.00 oere mei de boat út Harns, nei it waarm iten is der jûns by it hurdfjoer film of dia's fan it eilân Skylge.

Sneon: Nei it moarnsbrochje in kuier oer it eilân en middeis frij foar museumbesyk. Jûns wer by de iepen hurd sang en muzyk by de lûkpûde.

Snein: Klaske fertelt ús oer de Folkshegeskoalle doe en no. Nei de middeisbôle binne wy frij en om 17.30 oere geane wy mei de boat werom, ite mei inoar en binne 19.30 oere yn Harns

Foar wa? Foar alle frysktaligen yn en bûten Fryslân. Kosten € 175,-. excl. de boat. Ienpersoanskeamergebrûk jildt in taslach fan € 13,-. de nacht. **Der binne noch inkele plakken frij. Foar ynformaasje en reaksje nei Boukje Andringa 030-2203528 of mail theo.andringa@hetnet.nl Sjoch ek www.fryskbutenfryslan.nl**

Groetnis,

Boukje Andringa-Brattinga,

2e skriuwster FBOU